



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaen en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Dizze wike is de famylje foar it Pesachfeest yn Jeruzalem. It soe allegear sa moai wurde, mar alles rûn hiel oars as dat se ferwachten.

29. De krusiging fan Jezus **Lukas 23, 26-49**

Sara en Simon, heit en mem, Daniël en pake rûnen mei-inoar nei ien fan de poarten fan Jeruzalem. Soe der nijs wêze oer Jezus? Foar in belangryk berjocht moasten se yn de poarte wêze. Dêr wiene altyd wol minsken dy’t der wat fan ôfwisten.

“Sjoch, dêr steane se”, sei Daniël. Hy wiisde nei de trije froulju. “It binne Maria fan Magdala, Johanna en Maria, de mem fan Jakobus. Se binne mei Jezus mei nei Jeruzalem reizge.

Heit stapte op harren ta en frege: “Witte jim ek mear fan Jezus?”

Maria fan Magdala seach heit oan. Se hie triennen yn 'e eagen en sei: “Ha jim it noch net heard? Jezus *is* al ferstoarn!”

Mem sloech de hannen foar de mûle en rôp: “Dat kin net wier wêze!”

Heit skrok en sei: “Wat ha dy soldaten mei Him dien?”

“Jim wiene derby, doe’t soldaten Jezus meinamen?” frege Maria.

Heit knikte. En ek Sara en Simon knikten. Se hiene it allegear meimakke.

Doe begûn Maria fan Magdala te fertellen...

De soldaten namen Jezus mei en leine Him in swier krús op it skouder. Se woene dat Jezus dat allinne drage soe, mar dat slagge net. Nei in pear stappen sakke Er al troch de knibbels.

Krekt op dat momint kaam der in boer oanrinnen. Dy kaam fan it lân. It wie Simon fan Cyrene. Ien fan de soldaten kommandearre: “Kom hjir en help Him it om krús te dragen!”

Simon skrok bot fansels. Wat woene dy soldaten fan him? Hy wie ommers gjin misdiediger? Mar Jezus draaide de holle nei Simon ta as woe Er sizze: "Ik bin ek gjin misdiediger." Harren eagen moeten inoar. Sûnder noch wat te sizzen gie Simon achter Jezus oan en droech mei Him it swiere krús.

Op de heuvel fan Golgotha wiene al twa rôvers krusige. Jezus waard dêr ek hinne brocht om krusige te wurden. Se hongen Him tusken dy twa rôvers yn. Wylst se Jezus oan it krús sloegen, sei Er: "Heit, ferjou it harren, want se witte net wat se dogge." It wie sa dúdlik dat elkenien it hearre koe.

De soldaten dy't Jezus de klean útlutsen hiene, sieten ûnder it krús om syn klean te ferlotsjen. Boppe de holle hawwe se in buordsje hongen mei dêrop: *Dit is de kening fan 'e Joaden*. Se fûnen dat wol passen.

Der wie sels immen dy't rôp: "Do bist dochs de soan fan God? Ast nó nei ûnderen komst, sil ik dy noch leauwe ek." De minsken dy't der omhinne stiene laken.

Ien fan de rôvers dy't njonken Jezus hong, miende ek noch wat sizze te moatten. Hy rôp: "Bisto de Kristus net? Rêd dysels dan en ús derby."

Dit gie de oare rôver te fier. Hy sei: "Hâld do dyn grutte mûle! Wy hingje hjir, omdat we in misdied begien ha, mar Hy hat neat ferkeards dien." En tsjin Jezus sei er: "Wolle Jo oan my tinke as Jo by God komme?"

Jezus hie wol troch dat de man it miende en sei: "Ik beloof datsto hjoed noch mei My yn it paradys wêze silst."

It wie tolf oere yn 'e middei doe't it ynienen tsjuster waard. De sinne joech trije oeren gjin ljocht. Tagelyk skuorde yn 'e timpel it gerdyn dat foar de hillige seal hong. Doe raasde Jezus it út: "Heit, yn Jo hannen leit myn libben." Dat wiene syn lêste wurden. Under it krús stie in Romeinske offisier. Wy seagen dat it him djip rekke dat de minsken de spot mei Jezus dreauwen. Hy sei: "Nim fan my oan, dy man heart by God!" Doe waard it stil...

Wy rûnen mei ús ploechje froulju gûlend werom.